

# po@dium


## 2016

fan Bennie Huisman

*Ik dream myn libben as in reis,  
En wekker wurde wol ik net.  
Al is myn winter ûnderweis,  
Foar lichtens is it noait te let.  
Ik sjoch myn libben as in liet  
Dat alle dagen songen wurdt.  
In sjongend bern ferjit de tiid.*

Yn de foarige *Po@dium* kundige ik myn fytsreis nei Berlyn oan. In freondinne mailde my yn in réaksje, dat it foarnimmen ek moai oanslute by it thema fan de Boekenweek 2016 - Dútslân. Dat hie 'k noch net meikrigen en dat wie in opstekker: ik sukkelje meast wat achter de aktualiteit oan en no betink ik wat en is it 'hot' (*heiße...*).

Unyk kin myn ûndernimmen oars net neamd wurde. Withoefolle leeftydsgenoaten lûke yn in sekere fase fan harren libben de kuier-skuon oan of keapje in gaadlike fyts mei alles der op en der oan en reizgje nei in fier doel.



Santiago de Compostello & Rome binne tige populêr, te foet of op 'e fyts. As pilgrimaazje of as fisike útdaging en yn beide bedoelings spilet faak it ferlet mei om te 'resetten'.

In pelgrimaazje is myn reis net en folle fisike útdaging sit der ek net yn. Bergen binne yn de fierste fierte net te finen op 'e rûte en de ôfstân falt ek o sa ta: mei wat training kin it yn in wike.

In geastlike & mentale útdaging is it altyd wol wat fansels.

Nim inkeld mar it losbrekken út fertroude gewoantes en it allinne wêzen. Mar ek dêryn giet it net al te need. Komfôrt op alle gebieden is rûnom ûnderweis te finen en foar it kontakt mei thús steane ús hjoeddei safolle middels ta beskikking, dat ik rûnom wol elk momint fan de dei mei thús prate, appe, maile of skype kin. Foar de skriuwer kin it somtiden in gelok wêze, dat de accu's krekt leech binne.

Want as myn reis 'framed' wurde moat, is dat in oare mooglikheid: *'de skriuwer ûnderweis'*. Soks kin dan in reisferhaal opleverje en dêr binne moaie resinte foarbylden fan.

In pear jier lyn stapte dichter Ilja Pfeiffer op 'e fyts en reizge sa nei Rome. Hy skreau der in boek oer en ferhuze nei Genua, dêr't er ek in boek oer skreau: de roman *La Superba*. In wichtige driuwfear wie dat it literêre wrâldsje yn Nederlân him wat te benaud waard. Jelle Brand Corstius fytste twa jier lyn nei de Middelhânse see fia België en Frankryk mei wat jiske fan syn krekt ferstoarne heit. Hy skreau in boek oer de reis én de heit, dat krekt ferskynd is: *As in de tas*.

Sawol Ilja Pfeiffer as Jelle Brand Corstius - en ek dy heit - wienen al yn mear of mindere mate publike figuren. Pfeiffer wie al in 'priisdichter' doe't er op 'e fyts stapte en Brandt Corstius wie troch syn reisferhalen op de televyzje ek al in bekinde namme.

Sels de heit dêr't er oer skriuwt wie dat foar myn generaasje al, as taalkundige en dwerse kollumnist fan Vrij Nederland.

In partikulier ûndernimmen wurdt sa publyk dield en útfersgrutte en omt it skriuwen harren berop is kinne jo sizze dat se op fruchtbere grûn buorkje. Pfeiffer mei de benaudens hjir ûntflechte ha, syn boeken wurde hjir ferkocht en de literêre priis dy't er wûn foar syn boek oer Genua wie in Nederlânse.

As ik dat al woe is it lestich om it Fryske literêre wrâldsje noch te ûntflechtsjen. Dat is der sels al min of te mear tusken útknypt.

It ferlet om te skriuwen is wol bleaun en yn dy sin sil ik no dan in skriuwer wêze dy't in reis op 'e fyts makket. En siket om eat dat it mear makket as in net al te spektakulêre fytsfakânsje. Ik sykje om in sekere sin-jouwing.

Spul & ferbylding binne dêrby myn wapens.

It spil fan de sjonger b.g., de *lietsjesman* ûnderweis. Dat sil der seker fan komme en ik soe der in spil fan meitsje kinne dat sa geregeld te dwaan, dat ik der ûnderweis fan libje kin. In moai romantysk idee en de wrakseling dy't dat alle dagen opsmyt kin ek in moai boarne fan ferhalen & anekdoates wurde. Sa binne der wol mear partikuliere ynteresses dêr't ik my fan foarstelle kin, dat se it ûnderweis wêzen wat in slinger jaan kinne.

En dochs bliuwt der wat jokjen. Want wylst ik fan alle gemakken foarsjoen troch in betreklik fredich stikje Jeropa peddelje en ûnderweis myn artistike en keunsthistoaryske leafhawwerijen útlibje kin, hoech ik it alle-dagen-nijs mar ûnder eagen te krijen en de ellinde is net te oersjen. En dêr hingje dan al gau fragen boppe. Myn fragen: *Wat haw ik dêr mei te krijen? Wat kin ik dêr oan feroarje?* Simpele fragen, mar de antwurden binne 'kompliziert'. Fansels, ik donearje, Amnesty, Reade Krús, Artsen zonder grenzen, Novib-Oxfam, Waka-waka's, fan alles is der yn myn libben wol foarbykaam en it sil alle-gear wol in bytsje holpen ha. Ik ha ek net de illúzje dat ik trochslachjouwende bydrages leverje kin.



En doe - dit allegear oertinkend  
- stuitte ik op Geart.

Geart? Ja, Geart. Tigchelaar. In  
jonge fryske skriuwer dy't ek op de  
fyts stapt - om te resetten - mar  
dy't der daliks mar in wrâldreis fan  
makket. 45000 km. Dêr wol er dan

ek fjouwer jier oer dwaan. De ferkearing wie út, ...'gjin keaphûs, gjin  
frou, gjin bern...'. Sa kaam der romte foar in oare útdaging, in aven-  
toer. Fytse is syn passy. Mar 'hy wol ek graach wat foar in oar  
dwaan'.

It lêzen fan in artikel oer Geart en syn reis - yn de LC - brocht my  
op it spoar fan C.O.O.P. Eartiids wie dat de ôfkoarting fan in koöpe-  
raasje fan lytse supermerk winkels, mar yn dizze setting betsjut it:  
*Cycling Out Of Poverty*.

In tige nijsgjirrich inisjatyf dat my fuortendaliks oanspruts. Ik kin  
der hjir fan alles oer fertelle, mar sjoch & lês sels mar even. Ik kin  
my foarstelle, dat tal fan trouwe lêzers no hast net mear wachtsje  
kinne om te donearjen, mar dat moat noch even wachtsje.

Ik wol earst noch kalm besjen hoe't ik dit 'goede doel' in plak jou  
yn myn reis. Want jild ynsammelje en donearje is ien ding en is sa-  
wol nedich as gerêststellend foar de eigen etyske boekhâlding. Mar  
neitinke oer de betsjutting fan dit alles, oer wêrom it der sa hinne  
leit en wat we dwaan of litte moatte & kinne om dat al dan net te  
feroarjen, dat liket my like wichtig en ik wol eins besykje it diel te  
meitsjen fan myn deistige belibjen ûnderweis. Oare moanne mear...

***Dat ik doch earst noch in slachje, troch it âld-fertroude gea  
Moarn sil ik my weagje, achter....Grins***

*(de nederlânse ferzy fan it lietsje is hjr te beharkjen)*